

Provinciale Staten fan Fryslân  
De heer W. Veenstra, FNP

Ljouwert, 27 jun 2017  
Ferstjoerd,

Ús merkteken : 01427794  
Ófd/Opjefte : Lânbou en fiedselproduksje  
Opsteld troch : A. Steenstra / (058) 292 53 06 of a.steenstra@fryslan.frl  
Jo merkteken : 01418952  
Taheakke(n) : 1

Ûnderwerp : beântwurding skriftlike fragen oer POP-3 oanfragen biologyske lânbou

Achte hear Veenstra,

Mei ús brief fan 30 maaie (skaimerk 1422284) hawwe wy meldt dat jo skriftlike fragen, o.g.f. kêst 39 fan it Reglement van Orde, net binnen de dêrfoar stelde tiid beanturdzje kinne. Jo skriftlike fragen op grûn fan kêst 39 fan it Reglemint fan Oarder, ynkommen op 9 maaie 2017, beânturdzje wy as folgt.

Jo setten jo fragen útein mei dizze ynliding:

*De POP-3 regeling hat û.o. as doel de ûntwikkeling, duorsumens en ynnovaasje yn de agraryske sektor mei help fan Europeeske subsydzjes. Doelen dy't ús provinsje ek neistribbet. In part fan de oanfragen dy't fia it SNN rinne komt út de biologyske lânbou. Wy krije fan ûndernimmers en organisaasjes it sinjaal dat de oanfraachproseduere as 'tige stroef' sjoen wurdt. Men hat it oer tsjinstelde advizen fan de provinsje en fan SNN. Der wurdt ûnderbouwing frege yn hieltyd wer nije formats en ferzjes. De mjitte fan spesjalistyske ûnderbouwing is sels sa dat dizze neffens sizzen 'sels troch spesjalisten amper nei te kommen is'. Oer de problemen mei de 'tvingende administrative bepalingen' hat it CDA 16 jannewaris 2017 al fragen steld. Jo hawwe dêrop antwurde dat de mooglikheden om hjir wat oan te dwaan tige beheind binne.*

*Underwilens hawwe wy as FNP de yndruk dat de problemen net minder wurden binne, krekt oarsom. Sa is it bygelyks by ôfwizing mooglik beswier te meitsjen. Yn in konkrete casus hawwe wy fernommen dat by telefoanyske neifraach by it SNN men net ynhâldlik op de saken yngean wol, yn de ferdigening sjit en de oanfreger ferwyt dat hy 'de yntegriteit fan de beoardielingskommisje yn twifel bringe wol'. Der wurdt koartsein ôfret om beswier te meitsjen, om't dit allinnich op procedurele grûnen mooglik wêze soe. Men hat en krijt sa gjin goed sicht op de wize wêrop de beoardieling fan de projekten ynhâldlik rint.*

*Yn rûnten fan biologyske en grûnbûne boeren ûntstiet no it byld dat de advyskommisje foar de POP-3 jilden in hiel oare fyzje neistribbet as de provinsje mei syn lânboubelied, mar dat dêr ynhâldlik net oer praat wurde kin. De biologyske, grûnbûne en natuerynklusive lânbou soe sadwaande oan'e krappere ein komme.*

*Fraach 1:*

*Hokker part fan de POP-3 oanfragen by SNN (yn oantal en yn jild) hat betrekking op (ynnovaasje, duorsumens, ûntwikkeling fan) de lânbou ?*

**Antwurd fraach 1:**

It giet by lânbou om de iepenstellings foar maatregels 1, 7 en 8 (ynnovaasje, duorsumens, ûntwikkeling) ûnder POP-3.

Dy aspekten binne betingst foar it yntsjinjen fan in oanfraach en soks betsjut dat it tal oanfragen dy't dêrmei anneks is, byinoar opteld 23 is foar de iepenstelde maatregelfiches. Dêrmei is foar rom 4,5 miljoen euro oanfrege.

*Fraach 2:*

*Hoefolle fan dizze oanfragen wurde ôfwiisd en om hokker bedrach giet it (per jier of per tranche)?*

**Antwurd fraach 2:**

It is eins noch te betiid om dêr al in útspraak oer te dwaan om't in tal oanfragen noch yn behandeling is. Wol kin yngien wurde op hoefolle projekten genôch punten fan de eksterne hifkingskommisje krigen hawwe: dat giet om 11 fan de 23. Byinoar is yn dizze trije tenders foar in bedrach fan 4.5 miljoen euro iepensteld.

*Fraach 3:*

*Hokker part fan de POP-3 oanfragen út de lânbou giet spesifyk oer biologyske, grûnbûne of natuerynklusive lânbou? En om hokker bedrach giet dat dan?*

**Antwurd fraach 3:**

Fan de 23 oanfragen geane 4 benammen oer biologyske lânbou en 1 oer natoerynklusive lânbou. It totaalbedrach dat dêrmei anneks is, is likernôch 500.000 euro.

*Fraach 4:*

*Hawwe jo ek ynsjoch op hokker grûnen de ôfwiisde oanfragen net takend wurde? Bygelyks 'net ynnovatyf genôch' of 'net genôch kâns fan slagjen'? Kinne jo dat ek wer útsplitse nei 'gongbere' en 'biologyske' oanfragen?*

**Antwurd fraach 4:**

De hifking wurdt troch in eksterne komisje útfierd. De ûnderlizzende motivaasje hawwe wy op it stuit gjin ynsjoch yn. De komisje hifket de projekten oan 'e hân fan yn it foaren fêststelde kritearia; dy binne neamd yn Taheake 1. In evaluaasje fan de iepenstelling mei de komisje sil yn 'e rin fan dit jier dien wurde.

*Fraach 5:*

*Kinne jo op grûn fan it boppesteande in útspraak dwaan oft it kloppet dat biologyske, grûnbûne en natuerynklusive lânbou by POP-3 yndied oan'e krappere ein komt?*

**Antwurd fraach 5:**

Op grûn fan de gegevens dy't wy no ta ús gerak hawwe, konkludearje wy dat:

11 fan de 23 oanfragen genôch punten fan de kommisje krigen hawwe. Dat is minder as 50%. De troch jo bedoelde oanfragen binne meiïnoar 5 en dêrfan hawwe 3 genôch punten behelle. Dat is sadwaande 60%. Op grûn fan de gegevens is de oanname dat dy projekten leger score net bewierheid.

Mei rju achtinge,

Deputearre Steaten fan Fryslân,

  
drs. A.A.M. Brek, foarsitter

  
A.J. van den Berg, sekretaris

foar dizze H.M. van Gils, loko-sekretaris

## Taheake 1 Kritearia

### Maatregel 1

- Kosteneffectiviteit (maximaal te behalen punten: 8).  
*De totaal aangevraagde subsidiabele kosten worden gerelateerd aan het effect op of de mate waarin de doelstelling(en) zoals beschreven in de openstelling worden behaald.*
- Kans op succes/haalbaarheid (maximaal te behalen punten: 12).  
*Gekeken wordt naar de kwaliteit van de aanbieder van de kennis, de kwaliteit van het projectplan, en de mate waarin deelnemers worden uitgedaagd om de geleerde kennis daadwerkelijk in de praktijk toe te passen.*
- Mate van de effectiviteit van de activiteit (maximaal te behalen punten: 12). *Gekeken wordt naar de bijdrage die het project levert aan het bereiken van de beleidsdoelstelling, het bereik van de activiteit (zoals aantal deelnemers, aantal bijeenkomsten) en de wijze waarop blijvende toepassing van de aangeboden kennis wordt geborgd.*

### Maatregel 7

- Kosteneffectiviteit. Maximaal te behalen punten: 12.  
*Kosteneffectiviteit wordt bepaald door de totaal aangevraagde subsidiabele kosten te relateren aan het effect op of de mate waarin de doelstelling(en) zoals beschreven in de openstelling worden behaald.*
- Kans op succes. Maximaal te behalen punten: 12.  
*De "kans op succes" wordt gedefinieerd als de kans dat de partijen er in slagen het innovatie-idee uit te werken.*
- Effectiviteit/impact van de activiteit. Maximaal te behalen punten: 8.  
*Met effectiviteit van de activiteit wordt bedoeld de mate waarin wordt bijgedragen aan het doel van de openstelling ('wat voegt dit project toe').*
- Mate van innovativiteit. Maximaal te behalen punten: 8.  
*Met innovativiteit kan hierbij bedoeld worden op het samenwerkingsproces als zodanig, op het onderwerp van de samenwerking of op beide.*

### Maatregel 8

- Kosteneffectiviteit. Maximaal te behalen punten: 12.  
*Kosteneffectiviteit wordt bepaald door de totaal aangevraagde subsidiabele kosten te relateren aan het effect op of de mate waarin de doelstelling(en) zoals beschreven in de openstelling worden behaald.*
- Kans op succes. Maximaal te behalen punten: 12.  
*De "kans op succes" wordt gedefinieerd als de kans dat de partijen er in slagen het innovatie-idee uit te werken.*
- Effectiviteit/impact van de activiteit. Maximaal te behalen punten: 8.  
*Met effectiviteit van de activiteit wordt bedoeld de mate waarin wordt bijgedragen aan het doel van de openstelling ('wat voegt dit project toe').*
- Mate van innovativiteit. Maximaal te behalen punten: 8.  
*Met innovativiteit kan hierbij bedoeld worden op het samenwerkingsproces als zodanig, op het onderwerp van de samenwerking of op beide.*